

SICHT OP



FRYSK OEKEMENISCH WURKFERBÂN HJERBEAM

HJERST 2021.

Foarsitter: **Joke Hoekstra** 392910

Sekretaris: **Hidde Frankena** 396980

adres: P.J. Troelstrastritte 15 8802 RC Frjentsjer

Ponghâlder: **Alte Lourenz** 396493

Kommisjeleden: **Ant Palma** 452386

Jan de Haan 341865

Paulus Hettinga 452331

Hiembehearder: **Appie Reitsma** 394348

fowh@kpnmail.nl

Oargelist: **Evert Dijkstra** 395104

iemie-evert@hotmail.com

Kosters: **Piet en Trix Terpstra** 850124

Thomas Wiersma 394117

Tineke Reitsma 394348

Hiemside: www.fowhjerbeam.nl

Bankrekkens:

Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân

Hjerbeam: NL45RABO 0320 4351 56

Diakonij Stichting Frysk Oekumenysk Wurkferbân

Hjerbeam: NL38RABO 0320 439 50

Begjinnelingen

It nije skoalseizoen is wer begûn.

Altyd in moai momint sa nei de fakânsjetiid.

Jongens en famkes, jongelju, studinten, alles komt wer yn beweging en siket syn wei.

Litte wy hoopje dat it in goed en normaal seizoen wurde mei, sûnder al te folle corona-ûnderbrekkingen, sûnder dat eltsenien wer achter de kompjûter krûpe moat.

Nei skoalle gean en der dingen leare is o sa belangryk.

Dertroch kinne wy ús ûntwikkelje en de wrâld om ús hinne in bytsje begripe. Op it mêd fan it leauwen is dat eins krekt sa.

De folgelingen fan Jezus wurden ek wol syn learlingen neamd.

En Jezus sels wurd rabby neamd, dat is master of ûnderwizer.

Hij ûnderwiisd syn learlingen oer de dingen fan

Gods Keninkryk.

Hy leart ús wat de smelle wei is en wat de brede en

wêr wy rêst foar ús siel finne kinne en bôle foar it hert.

No giet it op de learskoalle fan it leauwen wol wat oars dan op'e basisskoalle of it middelber ûnderwis.

Dêr kinne wy hieltyd heger en fierder komme, fan groep 1 nei groep 8, en fan de earste klasse nei de ein-eksamenklasse.

Mar yn it leauwen leit dat oars. Der moatte wy altyd wer oernij begjinne.

In kristen is altyd yn wurding. Noait kin ien sizze:

ik bin der, ik haw de streep helle.

Wa't sa tinkt moat einlik wer werom nei groep 1 om het bibels ABC fan de genede wer te spellen.

Kristenen bliuwe ivige begjinnelingen. Kear op kear moatte wy werom nei de boarne, werom nei de Hear, werom nei it krús, werom nei it ljocht van Peaske.

Die gong meitsje wy net yn ien kear om dernei alsmar heger en heger te klimmen, nee, wy dogge dat hiel ús libben lang.

Ivige begjinnelingen bliuwe wy omdat wy sa hurd ferjitte wer it yn it djipste en yn it lêste om giet.

Omdat wy sa faak ferdwale yn ús eigen drokte.

Dan moatte wy heechnedich werom nei groep 1, werom nei master Jezus en fan Him leare dat wy bern van God binne en dat wy libje meie fan syn leafde.

Krekt de grutte minsken ferjitte die les hiel fluch.

Master Jezus seit: as jimme net wurde as de bern kinne jim it Keninkryk net yngean.

It is de earste en ek de leste les die Hy syn learlingen leare wol: dat wy libje mei út genede, om neat, dat wy yn libben en stjerren fan him binne en foar altyd sines bliuwe sille.

Op in bepaald momint kinne wy de skoalgebouwen achter ús litte, dan hawwe wy it han, ús diploma's helle en ús lessen leard.

Mar de learskoalle van it leauwen duorret in libben lang.

Noait reitsje wy klear mei learen, noait kinne wy grutsk ús diploma's ophingje, noait wurde wy in doktor ôf professor yn it leauwen.

Ivige begjinnelingen bliuwe wy, ek as wy 80 of 90 jier wurde.

As wy dat mar witte en ús grutte Master net út it each ferlieze.

By Him moatte wy wêze, by Jezus Kristus.

Want allinnich Hy hat wurden fan ivich libben.

Dominy Eelco van der Veer, Ferwert

(oertinking hâlden foar Omrôp Fryslân, Prelude)



De kommende Fieringen yn de 'e Niklaastsjerke

26-sep.	dhr. P. Speelman	Folsgeare
10-okt.	fr. S. Sterk	Snits
24-okt.	ds. T. Osinga	Frjentsjer
7-nov.	fr. S. Aardema	Menaam
21-nov.	dhr. H. Gilliam	Penjum
5-des.ds.	L. Westra	Lollum

Alle Fieringen begjinne om 09:30

Hûs fan stilte

*Lit ús in hûs fan stilte bouwe
Mei muorren fan leafde
en in dak fan frede
mei keamers fol bliidskip
en in tún.*

*In tún
mei wat ljocht
en wat skaad
mei wat sjongende fûgels
en in slûgjende kat op it paad.*

*Lit ús in hûs fan leafde bouwe
mei muorren fan begryp
en in dak fan fertrouwen
en in hiem om te sintsjen
en keamers.*

*Keamers
om yn te ferdwinen
elkoarren te sykjen
elkoarren te finen
litte wy in hûs fan stilte bouwe.*

~ Tsjits Peanstra ~



Ut de kommisje.

De simmer 2021 rint nei de ein, mar mooglik krije wy noch in tal moaie simmerdagen. Yn elts gefal is er dit “hjerst” krantsje wer. Wy moatte wer foarútsjen!

Wat stiet ús te dwaan as kommisje de kommende tiid.

Yn it foarste plak dat der wer tsjerketsjinsten holden wurde. Ja wy moatte noch wol foarsichtich wêze, it Koronafirus is der noch wol fansels.

Dan begjinne no ek de wurksumens oan it dak fan de tsjerke. De wurkstegers steane en de grêfstjinnen binne beskerme. Wy hawwe 2200 brûkte dakpannen kocht en dy sille mei in diel fan de goede oanwêzige pannen brûkt wurde.

Dat is passender yn it gehiel dan diels nije dakpannen op (in diel fan) it dak.

In part fan dizze wurksumens binne dien troch frijwilligers. De folsleine kosten wurde raamd op lyts € 50.000,--.

Dat wurdt diels betelle troch de subsydzjes dy’t wy krigen hawwe fan it Ryk en fan de Provinsje.

De súdkant falt ûnder de Rykssubsydzje en de noard- en east kant ûnder de Provinsjale subsydzje.

Dan is der fansels ek noch in diel dat wy sels opbringe moatte. Dat kin fia it restauraasjefûns.

Wy hawwe fia ús adviseur Johan Jorritsma fan Buro Erfdiel (Buro voor panden met karakter) in trije tal bedriuwen in opjefte frege fan de kosten en dat hat der ta laat dat wy mei it Boubedriuw Bootsma út Easterwierrum yn see gean.

Neist it boubedriuw sille in tal frijwilligers ek mei dwaan.

De wurksumens binne sa dat de tsjinsten gewoan troch gean kinne. Fanwege de kommisje is Jan de Haan hjir drok mei dwaende, En no mar hope op goed waar.

Ja hoe komme wy oan it jild yn it restauraasjefûns.

Foar in grut part troch de opbringst fan de hier fan de 3 ha lân. Mar ek troch oare jeften.

Wy binne bliid dat wy dat lân yn eigendom hawwe.

Dat bringt dat de tsjerke yn stân holden wurde kin en de tsjinsten troch gean kinne. Ik haw al ris besocht nei te gean fan wa hawwe wy dat lân yn it ferliene krigen. Troch die jefte stiet de tsjerke der noch en wurde der noch hieltiten tsjinsten holden.

It stik dat wy no hawwe is takend yn de ruilferkaveling destiids. Mar earder wie der in stik lân ûnder Wynaam sa is my ferteld. Ik bliuw nijsgjirrich wa earder in stik lân oan de tsjerke ta kent hat. Wa wit dêr mear fan ôf?

Mar boppe dat: it docht noch altiten syn fertúten foar de tsjerke!

Frjentsjer, 30-08-2021.
 Hidde Frankena, skriuwer FOWH.

Fan de ponghâlder:

Twadde Kwartaal 2021

Opbringsten Frysk Oekumenysk Wurkferbân Hjerbeam.

Kollekten:	€
23-maaie	269,60
6- juny	126,70
20-juny	<u>156,00</u>
	552,30
Jeften:	<u>3.275,00</u>
	<u>3.827,30</u>

Diakonijkollekten:	
23-maaie Dorcas	105,00
6-juny Tadzikistan	165,00
20-juny Beautifull Kidz	<u>90,00</u>
	360,00
Jeften:	<u>25,00</u>
	<u>385,00</u>

Foar alle jeften hertlik tank



Us dak

Zoals een ieder al weet zijn de mannen van Bouwbedrijf Bootsma Maandag 30-08-2021 begonnen met de renovatie van het dak. Eerder hadden we (Wierd de Haan ,Ben Barends en mijns persoon) de grafstenen voorzien van betimmering ter bescherming en heeft Syperda de steigers om de kerk gezet.

De weersvoorspellingen zijn de bouwlieden voor deze week goed gezind.

Dinsdag 31-08 is de heer van Dijk van de Provincie Fryslân langs geweest om te zien hoe de renovatie zal worden uitgevoerd . Na een duidelijke onderbouwing van Johan Jorritsma is deze akkoord bevonden en zal de Provincie overgaan tot betaling van het subsidiabele bedrag.

Donderdagavond zullen de dakpannen welke we in Harkstede hebben aangekocht naar de kerk worden gebracht.

Deze staan in opslag bij Koos en Joke , Koos brengt de dakpannen met trekker en wagen naar Herbayum waar we de pannen met een shovel (welke we kunnen lenen van Haye van der Pol) naar de kerk zullen rijden.

Begin volgende week zullen m.b.v. een aantal vrijwilligers deze pannen via een panlift naar boven op de steiger worden gebracht. Tevens zullen de oude pannen , welke niet meer toegepast kunnen worden , door deze mannen in een container worden gedumpt. Met vereende krachten loopt de planning voorspoedig.

Tot zover een update,

Groet Jan de Haan

Ooit vroeg een Romeinse Keizer aan een
Joodse rabijn of hij hem kon uitleggen
wie God was.

De rabbijn zei : Keizer kijk eens naar de zon.
Dat kan ik niet, die is te fel voor mijn ogen.
Dan kan ik U niet uitleggen wie God is.

Proberen hem te kennen, is als kijken in de zon.

Er zijn twee dagen in het jaar
waarop men helemaal niets kan doen.
De éne is gisteren en de andere is morgen.

Dit betekend dat vandaag de juiste dag is
om te geloven, lief te hebben en te leven.

PROSESJES

Yn eardere nûmers fan dit Krantsje hawwe wij de kristlike tradysjes en folklore yn de winter (Kryst) en yn de maityd (Peaske, Pinkster, Himelfeart) al wol ris besjoen.

Is er yn de simmer en de hjerst dan neat te belibjen ?

Wis wol !

Dan is it by útstek de tiid fan de *prosesjes*

In prosesje is in religieuze optocht fan minsken en/of fan bisten en der binne der in ûnbidich protte soarten fan, sawol yn as bûten de tsjerke. It lêste type is foar de bûtenwacht it meast ynteressant omt alles him yn de iepenbierheid ôfspilet.

Bekende prosesjes yn Fryslân binne:

de “*Onze lieve vrouwe van Leeuwarden*” te Ljouwert.

Sij oerlibbe de grutte wettersneed fan 1509 en de grutte brân fan 1510 en ek noch de grutte byldenstoarm fan 1566. Dêrom waarden en wurde har wûnderbaarlike krêften taskreaun.

de “*Maria van Zevenwouden*” te Bolsert.

Nei in plundering troch de Saksen yn 1515 driuwde it houten byld rjochtop troch de grêften, en soe sij oer boppenatuerlike krêften beskikke.

de “*Bonifatius-prosesje*” te Dokkum
yn it ramt fan de Bonifatiusdagen dêr.

Dat er net allinne kristlike prosesjes hâlden waarden,
mar ek prosesjes foar de Satan sjogge wij yn it folgjende
Winternûmer

G.Z.



Dokkum slút de Bonifatiusdagen
ôf mei in Oekumenyske prosesje
op 11-juny-2017



EK HJERBEAM